

In psychologyske roman mei spanning en sensaasje?

FD 4/2 2006

troch Yvonne Dijkstra

De debútroman fan Simen Oetie fer-skynde yn 2005 as nûmer 436 by de Kristlik Fryske Folksbibliteek. Dizze KFFB hat in lange skiednis yn Fryslân. Yn 1936 waard it earste boek útjûn yn wat in lange rige wurde soe. Op de ynternetside (www.kffb.nl) is te lêzen dat hja hjoed de dei trije tûzen leden hawwe en dat der alle jierren trije boeken útjûn wurde. Boeken yn it Frysk en benammen boeken dy't yn Fryslân spylje en dy't hearre ta de folkslektuer. Lang wie it sa dat de KFFB dreau op troude froulju: skriuwers mei dûbele efternammen wiene eartiids dan ek in skaaimerke fan KFFB-boeken. It is net tafallich dat it earste boek fan Simen de Jong, sa't Simen Oetie yn it echt hjit, útjûn is by de KFFB. Syn heit, E.S. de Jong wie jierrenlang bestjoerslid fan dizze organisaasje en in driuwende krêft efter *De fleanende krie*, de boekekrante foar de leden. Syn soan is dan ek fan miening dat it resultaat fan syn skriuwen de KFFB takomt.

Ast op de tekst op de achterflap ôfgiest, dan hat Simen Oetie in knap staaltsje literatuer ôfleverre: „*De lêste halte* giet oer dea en leafde, weemoed en ferlakkerij. It is in psychologyske roman mei spanning en sensaasje. In boek fol skiednis, en tagelyk aktueel. Skriuwers en skilders figurearje, in pottebakster en in domina.”

Alle grutte tema's út de literatuer ha, sa liket it, in plak fûn yn de roman. Mar fertrou noait samar op wat sa'n 'achterflaptekst-skriuwer' seit, want dat kin noch wolris ôffalle. Sa as yn dit gefal. Ik sil it mar earlik sizze: ik koe sa no en dan gjin tou fêstknopje oan dizze roman. Dan komme der wer fan út it neat nije personaazjes foar de fuotljochten, of der wurde petearen fierd dêr't gjin logika yn liket te sitten. It ferhaal giet alle kanten út, der is fiersten te folle yn dit boek troppe en struktuer ûntbrekt.

De lêste halte is basearre op in wier bard ferhaal dat de omke fan De Jong oerkaam yn de jierren santich. De omke, dy't boer wie by Wânswert, waard doe oerfallen troch trije

manlju. Pas ier yn 'e moarn wist er op slûch-slimme wize te ûntkommen oan syn oerfallers. Ek yn *De lêste halte* oerkomt de omke fan de haadpersoan dit. De haadpersoan besiket der achter te kommen wat der krekt bard is en wat de eftergrûn fan dizze misdied west hat. Mar hy begjint pas oan syn sneuptocht as omke, jierren letter, ûnder fertochte omstannichheden om it libben kaam is. En dan wol er ek it rjedsel fan omke syn dea oplosse. Boppedat is der noch in tekst dy't de haadpersoan yn hannen krijt en dat presys in foarfal beskriuwt wat hysels meimakke hat. En in froulike pastor dy't wat te ferbergjen liket te hawwen. En in pottebakster dy't letter in relaasje blykt te hawwen mei syn broer. En... ik tink dat it allegear wat tefolle is foar ien ferhaal.

In artikel dat oer dizze KFFB-útjefte fer-skynd is yn *De fleanende krie* makket foar in part dúdlik wêrom't it boek sa 'fol' sit. Simen Oetie hat in manuskript fan syn heit oer de oerfalskiednis fan omke as basis naam foar *De lêste halte*. Yn it Hollânsk hat er dat ôf-

makke en Dick Eisma hat dat oerset yn it Frysk. Jacobus Knol hat derfoar soarge dat it ferhaal fan Simen Oetie yn it stramyn fan in boek passe.

De skriuwer seit dêroer yn it artikel: „Doe't ik ienkear dwaande wie, wist ik net wêr't ik op útkomme soe. Ik skreau op wat my yn it sin kaam.” (De fleanende krie, nûmer 146, septimber 2005) Dochs wol de skriuwer ek goed dúdlik ha dat syn boek fantasje is, in optocht ferhaal; dat it fiksje is dat basearre is op feiten. Mar om fan *De lêste halte* in roman yn de sin fan it wurd te meitsjen, hie de skriuwer (of moat ik sizze de betinker fan dit ferhaal) folle dúdliker in kar meitsje moaten. Want it ferhaal dêr't it allegear op basearre is, hie wol de potinsje hân om in spannend boek te wurden. En de styl wêryn't it skreaun is, is ek bêst te prûmkjen. 'Schrijven is schrappen' hie yn it gefal fan *De lêste halte* in goed kredo west.

Simen Oetie, *De lêste halte*. KFFB, 262 siden, priis 14 euro.

S.E. de Jong / blau